

# PARSEBERJOCHT

19 april 2016

## Finalisten Sjongfestival foar bern 2016 bekend

Finale op freed 20 maaie 2016 yn De Lawei yn Drachten

**Nei trije foarrondes binne de finalisten fan alwer it tsiende Sjongfestival foar bern bekend. Njoggentjin basisskoallen út Fryslân hawwe ôfrûne wike yn ien fan de foarrondes striden om in plakje yn de finale. Fan dy njoggentjin skoallen krije no acht de kâns om yn de finale harren sjongtalint hearre te litte. De finale wurdt op freed 20 maaie hâlden yn De Lawei yn Drachten.**

Oan it Sjongfestival foar bern kinne skoalbern út groep 6, 7 en 8 fan basisskoallen út Fryslân meidwaan. De trije foarrondes fûnen plak op moandei 11, tiisdei 12 en freed 15 april op ferskate plakken yn Fryslân. Neist de seis skoallen dy't rjochtstreeks troch wienen nei de finale, binne hjoed yn it skoaltelefyzjeprogramma Tsjek ek noch twa 'wylde kaarten' ferdield oan skoallen dy't neffens de sjuery ek sa goed wienen dat sy in plak yn de finale fertsjinje. De sjuery, dy't bestie út Carin Seegers, Grytsje Melchers en Rodney Elzer liet de ûndersteande acht skoallen trochgean nei de finale.

De Balsemyn - Eastermar	'Merke'
It Twaspan - Wynjewâld	'Ik ha talint'
Ds. Hasperskoalle - Akkrum	'Ien en Ien'
De Wyngert - Drachtster Kompanije	'Keet!'
De Sprankel – Stiens	'In hiele rare dei'
It Finster – Warkum	'Mei juf mear muzyk'
De Mienskip – Bûtenpost	'Do hearst der by!'
It Klimmerblêd - Sint Nyk	'Dyn talint is ús gelok'

De finale, dy't plak fynt op freed 20 maaie yn De Lawei yn Drachten, wurdt presintearre troch Raynaud Ritsma en Geartsje de Vries. Raynaud is bekend fan Tsjek, it skoaltelefyzjeprogramma fan Omrop Fryslân. Geartsje is bekend fan Omrop Fryslân. De sjuery fan de finale bestiet út Janneke Brakels, Krijn Jacob Dijkstra en Rodney Elzer. Janneke Brakels is sels sjonger en jout sjongles, Krijn Jacob Dijkstra is bekend fan it sjongduo 'Die Twa' en Rodney Elzer hat meidien oan 'The Voice of Holland' en jout sjongles op basisskoallen. In oantal skoallen hat der dit jier foar keazen om mei te dwaan mei in selsskreaun nûmer. Foar dy skoallen is der in tekstpriis. De sjueryleden foar dy tekstpriis binne Sytse Broersma en Jurjen van der Meer, beide tekstskriuwers. De tekstpriis wurdt bekend makke yn de finale.

It Sjongfestival foar bern is in inisjatyf fan Cedin, Keunstwurk en Omrop Fryslân en wurdt ienris yn de twa jier organisearre. It Prins Bernhard Cultuurfonds, Arjen Witteveen Fûns, Stichting Herbert Duintjes Fonds, Stichting Woudsend, Boersma-Adema Stichting en de Lammert Koopmans Stichting stypje it Sjongfestival mei in finansjele bydrage. SAKO Friesland is pinfierder fan it Sjongfestival foar bern.

---

### Noat foar de redaksje:

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommunkaasje fan Omrop Fryslân: 058 299 7876.

# PERSBERICHT

19 april 2016

## Finalisten Sjongfestival foar bern 2016 bekend

Finale op vrijdag 20 mei 2016 in De Lawei in Drachten

**Na drie voorrondes zijn de finalisten van alweer het tiende Sjongfestival foar bern bekend. Negentien basisscholen uit Fryslân hebben afgelopen week in een van de voorrondes gestreden om een plaats in de finale. Van die negentien scholen krijgen nu acht de kans om in de finale hun zangtalent te laten horen. De finale wordt op vrijdag 20 mei gehouden in De Lawei in Drachten.**

Aan het Sjongfestival foar bern kunnen schoolkinderen uit groep 6, 7 en 8 van de basisscholen uit Fryslân meedoen. De drie voorrondes vonden plaats op maandag 11, dinsdag 12 en vrijdag 15 april op verschillende plaatsen in Fryslân. Naast de zes scholen die rechtstreeks door waren naar de finale, zijn vandaag in het schooltelevisieprogramma Tsjek ook nog twee 'wilde kaarten' verdeeld aan scholen die volgens de jury ook zo goed waren dat ze een plaats in de finale verdienen. De jury, die bestond uit Carin Seegers, Grytsje Melchers en Rodney Elzer lieten de onderstaande scholen doorgaan naar de finale.

De Balsemyn - Eastermar	'Merke'
It Twaspan - Wijnjewoude	'Ik ha talint'
Ds. Hasperskoalle - Akkrum	'Ien en Ien'
De Wyngert - Drachtstercompagnie	'Keet!'
De Sprankel – Stiens	'In hiele rare dei'
It Finster – Workum	'Mei juf mear muzyk'
De Mienskip – Buitenpost	'Do hearst der by!'
It Klimmerblêd - Sint Nicolaasga	'Dyn talint is ús gelok'

De finale, die plaats vindt op vrijdagavond 20 mei in De Lawei in Drachten, wordt gepresenteerd door Raynaud Ritsma en Geartsje de Vries. Raynaud is bekend van Tsjek, het schooltelevisieprogramma van Omrop Fryslân. Geartsje is bekend van Omrop Fryslân. De jury van de finale bestaat uit Janneke Brakels, Krijn Jacob Dijkstra en Rodney Elzer. Janneke Brakels is zelf zangeres en geeft zangles, Krijn Jacob Dijkstra is bekend van het zangduo 'Die Twa' en Rodney Elzer heeft meegedaan aan 'The Voice of Holland' en geeft zangles op basisscholen. Een aantal scholen heeft er dit jaar voor gekozen om mee te doen met een zelfgeschreven nummer. Voor die scholen is er een tekstprijs. De juryleden voor de tekstprijs zijn Sytse Broersma en Jurjen van der Meer, beide tekstschrijvers. De tekstprijs wordt bekend gemaakt in de finale.

Het Sjongfestival foar bern is een initiatief van Cedin, Keunstwurk en Omrop Fryslân en wordt eens in de twee jaar georganiseerd. Het Prins Bernhard Cultuurfonds, Arjen Witteveen Fûns, Stichting Herbert Duintjes Fonds, Stichting Woudsend, Boersma-Adema Stichting en de Lammert Koopmans Stichting ondersteunen het Sjongfestival met een financiële bijdrage. SAKO Friesland is penvoerder van het Sjongfestival foar bern.

---

### Noot voor de redactie:

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie van Omrop Fryslân: 058 299 7876 .